

It Walhalla. Crème de la crème. De fine fleur.
The cream of the crop. Ja se binne oansteande.

De kreakers fan it keatsen, dêr't guon keatsers/keatsters har hiele libben fan dreame. De PC's yn Frjentsjer en Weidum, de Ald-Meiers, de Freule, it bûn en it NK. Foar eltse kategory keats(t)er is der wol in partij dy't it stimpel draacht fan 'de keatspartij fan it jier'.

Sa komme de famkes op 25 july yn aksje foar harren Ald-Meierspartij, en de jonges folgje op 5 augustus mei de Freule. Wolst as net-keatser ris in prachtdai meimeitsje? Dan binne dizze partijen tige oan te rekommandearjen.

Yn de ôfrûne hûndert jier hat de Freule-filla twa kear yn Redúster hannen west: yn 1948 en 1982. Yn 1928 hellen de hearen E. Kuipers, J. Bergstra en M. Dijkstra de fjirde priis. Dermei wiene se de earsten dy't foar Reduzum in priis hellen op de Freule. Hoe soe it dit jier útpakke?

En hoe dogge ús feinten en fammen it op al dy grutte partijen? Lês it nei op de webside fan KF Jan Reitsma. En foar al ús keats(t)ers: in soad wille en de bealch der foar!

Utslach pearkekeatsen 7 juny 2026

Hurde bal

- 1^e Afke Kuipers & Willem Fopma
2^e Johannes Gerben Brinksma & Brecht Smit

Sachte bal A klasse

- 1^e Margriet Bergsma & Evert Wieling
2^e Janna Bokma & Mark Bloem

Sachte bal B klasse

- 1^e Femke Wijnstra & Roy Kinderman
2^e Miranda Wierda & Frederik van Dijk



Net ferjitte: merkekeatsen op merkesnein. Jou dy op!

Op 6 septimber om 11.30 oere mei ús allen, jeugd o/m âlderein, op it fjild lekker in baltsje slaan. Wat kinst ferwachtsje?

- Keatse (of wat der op liket) op eigen nivo
- Gesellichheid en in soad wille
- Hapkes & drankjes
- Foar de jeugd ferdiveedaasje
- In grôtfol sportfjild

Om ± 16.00 oere in lange polonêze nei de tinte foar it lyts Matinee!

Jou dy op foar 2 septimber. Kin maklik mei it formulier hjirûnder.



Utslach strjittekeatsen 24 maaie 2026

Welpen

- 1^e Redmer Brouwer & Jetske de Jong
2^e Ids Elzinga & Emmy Boersma
3^e Wisse Hijlkema & Jort van Balen

Pupillen

- 1^e Leo Koopmans & Manne van Dijk
2^e Jelmer Roorda & Gerbrich van Dijk

Skoaljeugd

- 1^e Menne Wieling & Saar Korf

Froulju

- 1^e Mirte Wijnstra & Janet Bokma
2^e Janna Bokma & Janne Rinske Bokma

Manlju A klasse

- 1^e Sjoerd Hofstee & Evert Wieling
2^e Johannes Gerben Brinksma & Thijs van Dijk

Manlju B klasse

- 1^e Bennie van Dijk & Arie Broekstra
2^e Frederik van Dijk & Bonno Duhoux



Kabouterkeatsen

De twa jonges Wessel Lageveen en Fimme Zijlstra út groep 4 dogge dit jier foar it earst mei oan it kabouterkeatsen. Dizze wedstriden wurde organisearre troch hiel Fryslân.

Fimme en Wessel binne echte sportmannen. Se meie graach keatse, mar dêr hâldt it net op. Tegearre sitte se ek yn itselde fuotbalteam en nei skoaltiid binne se faak te finen op it fjild of yn 'e pannakoai. Thús wurdt sporte ek flink oanmoedige, en sa kaam it kabouterkeatsen op harren paad.

By it kabouterkeatsen kinst dy opjaan as twatal. Der wurdt sûnder want keatst, mei in grutte bal en in fêste keats. Nei elk earst wikselje de spilers fan funksje (foaryn of efteryn) en nei twa earsten wurdt der wiksele fan perk en opslach. Sa krijt elkenien de kâns om alles ris te besykjen.

Fimme die ôfrûne winter al mei oan de wintertraining yn de seal en sûnt it foarjier steane beide jonges wer op it fjild om bûten te trainen. Dat dogge se mei in protte nocht ûnder lieding fan trainers Anique, Suze en Trynke.

Underwilens hawwe de mantsjes al trije kabouterwedstriden yn 'e regio keatst: yn Sweins, Grou en Peins. En elke kear geane se der mei in soad nocht op ôf! It opslaan giet hieltyd better; de bal flocht al aardich rjocht de goede kant út. En as der dan ek noch in bal keard wurdt foar de keats, dan giet der in fleurich joechei oer it fjild!

Yn Sweins gie it al moai. Se keatsten trije partijen en koene goed tsjinwicht biede oan de tsjinstanners. In priis siet der noch net yn, mar de ûnderfining wie goud wurdich. Ek yn Grou lieten se sjen wat se kinne. Wer trije partijen keatst en wer in soad moaie ballen.

Fimme slacht de bal al knap rjochting it perk en mept geregeld in keats foarby. Wessel blinkt út yn it tuskenspul en fynt foaral it útslaan prachtich. Mar it moaiste is miskien wol dat se elkoar hieltyd oanmoedigje en tegearre in soad wille hawwe. Dat is prachtich om te sjen. Hoewol't der dizze kear gjin priis mei nei hûs gie, waarden der wol aardich wat earsten binnensleept. En ien partij waard sels wûn op in spannende stân fan 5-5 en 6-6. Dat waard fansels fierd as wie it in finale!

Wa't geregeld by de sportfjilden omstrûnt, sil dizze beide entûsjaste sporters grif noch wolris tsjin it liif rinne. En wa wit... miskien komt dy earste priis der anst ek noch wol!

Foar ús as feriening tige moaie ferhalen om binnen te krijen! Wy hawwe dit jier foar it earst echt in slinger jûn oan it kabouterkeatsen en wat binne wy dan ek grutsk dat der guon fan ús kabouters de stap meitsje om mei te dwaan oan de regio-wedstriden. Foar takom jier hoopje wy de line dy't we útset hawwe troch te lûken: earst yn 'e seal de basisfeardichheden en starte mei it spyljen fan it begjinnersspul om dêrnei op it fjild hjir fierder te gean.